

## ONT 2, bespiegelingen.....

“Hee Fred, hast do ek extra luiers meinaam?” Nico syket senuweftich yn syn wykeintas, mar sjocht dat er mar ien pak Pampers hat, en Yfke skyt wat of de leste tiid. “Potjandorie, hat Doutzen de tas wer net goed ynpakt” “Jawis jong, ik ha de kofferbak fol, want Jorn is it skytw6under fan Aldegea” ropt Freddy grutsk. Pier skarrelt by de mannen del en skodded de holle. Gelokkich hat hy sels de tas ynpakt.. Hy set de 6 bekerkes kolfde molke yn de koelkast en leit Reinder yn de box.

Dizze trije mannen bin de lêste moannen foar it earst heit wurden, en dat falt swier. Om’t de froulju ek es in kear in jountsje op stap woenen, ha de mannen de hannen ynien slein en binne foar ien nacht nei in Roompot fekaansje huske tôge. Sa ha se noch wat steun oan elkoar yn dizze barre tiden. Wallen under de eagen as skippyballen, al wiken gjin seks en sels it bier smakket net sa lekker as oars.

At de wykeintassen yn de sliepkeamers útstalt binne seit Freddy: “We moatte aanst earst mar in bierke, of net mannen?” Mar Nico sjocht wat besoarge. “Ik ha Doutzen beloofd, dat we de gjin supfestijn fan meitsje soenen, dus doch my mar in rivella” Pier hat ek leauwer in ice tea mei persiksmak. “Steltsje gehaktballen, doch efkes gesellich mei! We ha in mannen wykein, dan gjin ik net mei frisdrank sûteljen. Helje dat sels mar ut de koelkast”

Freddy rint noarsk nei de bank en ploft del. Nico en Pier helje hun frisdrankje en joue hun ek del op de bank. De trije berntsjes lizze yn de box te boartsjen. “Hienen jim ek sa’n lêst fan hurde buken op’t lest” freget Nico? “Hiest do ek in hurde bealch dan” Pier sjocht Nico ferbaze oan. “Bedoelst dyn frou seker?” “Nee hjer, ik hie op’t lest sa’n lest fan de senuwen, dat ik net mear poepe koe” Foen Doutzen wol gesellich, koe’k ek swangerskipsklean oan” “San stretchbroek sit wol lekker hjer, hast ek wat mear romte foar dyn saakje..”

“Wit jim wat ik it moaiste foen fan de swangerskip?” glundert Freddy “Dat Fokje sokke grutte boarsten krige, jonge it wienen krekt meloenen..” “En ik ha wol lesen yn Ouders van Nu, dat it aanst fan dy teesekjes wurde. Wot dat betreft mocht se fan my altyd wol swanger weze..”

“Wat stjonkt it hjit” seit Pier. Hy rint nei de box en rukt oan trije lytse kotsjes. “We binnen hjir mei 5 mannen en de frou yn hûs stjonkt it meast” Nico set syn rivella op de tafel en rint nei de box. “Jasses, it sit har oan e nekke ta” Yfke hat efkes goed har best dien. “Hahaha” ropt Freddy “Kinst har wol yn e goatstien skjinspiele” Nico siket in skjinn romperke en gjit oan de slach.

“Ast dat lytse jonkje sjochst, dan is fútbal efkes net sa belangryk mear” Freddy sucht in kear en moat in trientsje fourtfeie. “Ik ha noch steeds in bytsje lest fan swangerskipstriennen” “Das’t fútbal net mear sa belangryk founst, koest wol sjen yn’t fjild” Pier laket “wat wienen wy slecht somtiden, it like nergens nei” “Nee, foaral Bedum út, dat wie striemin. It hie wol 10-1 weze moatten” “Gelokkich hienen we Rein op’e goal, derom bleauw it mar 5-1”

“En Balk út dan. Dat wie in partijtsje Blij dat ik glij.” “De fugels dy’t oerfleachen dynen de fleugels foar de eachen”

Freddy kriget opiens wer wat oare gedachten. “Ik mei ek graach sjen at se de kolfpomp derop set. Jonge, wat suget dat ding. Dy kinst fest ek wol ergens oars foar bruke...” “Das best wol sexy ja, mar ik fyn it mar neat at se samar it spul bleat goaie” seit Pier, “It liket wol in molke fabryk.” “Lêst yn de kantine sieten der ek 3 op in riechje efter it raam te fourjen, dan hingje alle mannen eftersterfoarren te gluren” “In soarte fan Porna”

“Sa, Yfke is wer skjinn” Nico komt der ek wer by. “We binne wat wikselvallig, want tsjin Olympia en Drachtster Boys koenen we wol de disipline opringe. De 1-0 tsjin Olympia wie in moaie opstekker en de 5-1 tsjin Drachtster Boys wie ien fan de beste wedstriden dit jier”

“Moatte we aanst ek wat ite?” Pier kriget honger. “Earst de bern, dan wy” Freddy tôget nei de koelkast, wer’t san 15 bekerkes mei memmemolke steane. “Wit ien hoe’t de magnetron wurket?” Gelokkich fyne de monnen it briefke mei gebuoksoanwizingen en al gau sit it earste fleske oan de hals. It liket merakels moai, trije fan dy stoere mannen mei in poppe op e earm. En wat sjogge se fereale nei dy lytse kopkes. Freddy gniffelt wat: “Yfke kin aanst moai al dy triedsjes yn har hier ha dy’s do net mear brukst Nico haha?” Pier leit Reinder op it skouder foar in kropke, mar hie krijt lyk in gjalp waarme molke yn e nekke, by de trui yn. “Harrejasses Reinder, dat dochst by mem noait” Jorn kroppet sa bot, dat se it yn Drachtster Kompenije hearre kinne. Freddy sjocht grutsk yn de keamer “That’s my boy” seit er op syn beste Frans..

De berntsjes wurde yn de camping bedsjes lein en de mannen ploffe del op de bank. En foardat se it yn de gaten ha lizze se alle trije te snurken as in grutten. Te min sliep eist syn tol....

In tiidsje letter wurd Freddy wekker fan it gelúd fan in appke. Fokje freget hoe't giet. Hy stelt har gerest en sjocht dat it al 11 oere west is. Se ha slept as barchen wol trije oeren. Hij sjocht by de camping bedsjes en de bern lizze lekker te sliepen.

“Wekker wurde mannen, no is't wol tiid foar in pilske, sa let is it al. Piet dreamt noch wat nei “Nee Sjoukje, ik wol net stofsugje, dat ha'k juster ek al dien” Nico hat it hier rjocht op e kop stean, da's bisunder want mei de bakken gel dy't er yn syn hier docht kin dat hast net...

Nei 5 minuten pakke se dan dochs mar in pilske. “We moatte mar net te let op bed, straks binnen de bern fannacht bot warber” Pier sjocht it swerk al driuwen, en it bier smakket em ek net sa bot. “De leste 2 wedstriden dit jier wienen ek net sa hiel bisunder” Freddy wol dochs noch efkes evaluere.

“Hearrefeanse Boys begongen we goed en dernei wie it k mei p. Opnei 5 goals om'e earen en 5-2 ferlern” “De leste wedstryd tsjin ACV hienen we net safolle gelok. At Woeste Willem de kans yn de earste minut ôfmakke hie, hie'k it noch sjen moatten. No ferlernen we jammer genoch mei 1-0” “Al mei al net sa'n beste earste helft fan it seizoen, dat moat al better nei de winterstop” seit Nico besoarge. De mannen knikke nei mekoar en frette wat yn de chips en borrelnúten om.

“De froulje sille ek hast wol thús weze tink?” Freddy wurd wer wat emosjioneel. “Ik mis myn famke wol” Pier en Nico krije no ek triennen yn de eachen. De mannen sjogge mekoar oan en foardat je it yn'e gaten ha, binne de tassen pakt en sitte de mannen yn de auto nei hus.

At Pier midden yn de nacht thúskomt, docht Sjoukje wat lulk de doar iepen. “ik lei krekt lekker te sliepen” Mar at se dan in berne gelúdsje heard, is alles wer goed. Reinder hat wol wer in poepke dien yn de auto en at Sjoukje de luier iepen docht skrikt se har dea. “Pier, do hast de ferkearde meinaam. Dit is net Reinder, syn piemeltsje herken ik ut túzenen”

In tiden hat Fokje thus ek al sjoen dat Freddy net Jorn meinaam hat. “Do omkoal, no gelyk nei Wynjewald om dyn bern te heljen”

Pier en Freddy ha yn de need om nei hus te kommen te snel in berntsje oppakt en yn de auto set. Op de helte komme se mekoar te mjitte en om in oere as 5 is alles wer by it normale en binnen alle gesintsjes wer kompleet.

De oare deis kinnen se der alle trije om laitsje. “It is mar goed dat wy in famke krigen ha, oars wie it hielendal raar gong” seit Nico tsjin Doutzen.

Al mei al wie it in fruchtber jier op alle flakken, beheale it fútbal. It wurd taak foar Linke Leo om yn it nije jier de jonge heiten en de alde bokken wer yn't gareel te krijen en eltsenien wer mei de gedachten op it fútbal te krijen. Mar dat sil wol lêstich wurde, want Danny hat krekt syn twadde poppe krigen en Rein is ek net allinich op ballen dûkt it ofronne jier, dy wurd ek foar de twadde kear heit. Allegearre goed foar de takomst fan ONT, mar net foar de konsentraasje yn it fjild....

Linke Leo hat sels ek in operaasje en wat kreamkes wykeinen efter reach, dus alle focus kin op it fútbal. We sille sjen hoe't de mannen it derôf bringe nei de winterstop. Sels jo feste ferslagjouwer deelde yn de malaise...

Mar ONT 2 soe ONT 2 net weze, en sterk werom komme.. Of soe is spultsje te ald wurde??

Wesley